

Earlik diele yn in grien Fryslân

Ferkiezingsprogram fan **GRIENLINKS** foar de ferkiezingen fan
Provinsjale Steaten fan Fryslân foar de perioade 2015-2019



DEFINITYF 29 jannewaris 2015

Earlik diele yn in grien Fryslân

Ferkiezingsprogram fan **GRIENLINKS** foar de ferkiezings fan
Provinsjale Steaten fan Fryslân foar de perioade 2015-2019

YNLIEDING	2
1. EKONOMY, TOERISME, REKREAASJE EN LANBOU	3
2. KULTUER, TAAL, UNDERWIIS	7
3. LOKAAL BESTJOER EN FEILIGENS	11
4. MILJEU EN FERDUORSUMJEN	13
5. LANLIK GEBIET, LANBOU EN NATOER	17
6. ROMTE EN WENJEN	21
7. SOSJAAL FRYSLAN	23
8. FERKEAR EN FERFIER	26
9. WETTER	28
10. FINANSJES	30
TA BESLUT	31

Ynlieding

GrienLinks stiet yn de tradysje fan griene en linkse polityk. Ekology, rjochtfeardigens en frijheid binne kearnbegripen yn it tinken fan ús partij. Yn 2015, it jier fan de provinsjale ferkiezings, hat dit boadskip noch neat fan syn aktualiteit ferlern. De sintrale opjefte foar GrienLinks is om Fryslân moai en bysûnder te hâlden. It publike domein en de publike tsjinsten sille mear it klopjend hert fan de Fryske mienskip wêze moatte en de ekonomy yn tsjinst fan de minske: allinne dán kin in rjochtfeardige maatskippij ta stân komme.

GrienLinksers witte dat feroaring by minsken sels begjint. In soad achtsje earlik diele, it miljeu en it publike domein fan grutter belang as in polityk dy't him allinne rjochtet op materiële rykdom. De groep minsken dy't der sa oer tinkt is grutter as it tal minsken dat by de lêste ferkiezings op GrienLinks stimde. It is dan ek de útdaging om dizze groep en GrienLinks yn Fryslân byinoar te bringen.

GrienLinksers binne maatskiplik aktyf en binne altyd te finen yn it publike domein, net altyd mei harren GrienLinks-pet. GrienLinks as bûnsmaat foar elk dy't him ynset foar in griener en sosjaal Fryslân, dat is ús perspektyf dat wy neier útwurkje yn dit program foar de kommende ferkiezings fan Provinsjale Steaten fan Fryslân.

Ut namme fan it bestjoer fan GrienLinks Fryslân
en de skriuwersgroep neamd op side 31,
dy't entûsiast meiwurke hat,
desimber2014,
Sjaak Kloppenburg

1. EKONOMY, LANBOU, TOERISME & REKREAASJE

1.1 ‘Griene’ banen yn in duorsume ekonomy

GrienLinks kiest foar it duorsum meitsjen fan de ekonomy, ynklusyf de lânbou en de fiedseltechnology. De kwa wurkgelegenheid grutste sektor yn Fryslân is de soarch. Dêr romje wy yn dit ferkiezingsprogram in apart haadstik foar yn. De soarch wurdt nammentlik – mei it each op de leeftiidsopbou fan de Fryske befolking – de kommende jierren noch folle wichtiger.

GrienLinks stiet ek achter technologyske fernijing, as dit mar gjin doel op himsels is, mar yn tsjinst stiet fan én it ferduorsumjen, én de wurkgelegenheid yn de provinsje. Tink oan in ynstitút as Wetsus yn Ljouwert, oan it ynnovaasjekluster yn Drachten en de gearwurking tusken oerheid, ûnderwiis en bedriuwslibben ta fersterking fan ekonomy en wurkgelegenheid. Koart sein: GrienLinks striidt foar ‘griene’ banen yn in ‘griene’ ekonomy, dy’t duorsum yn tsjinst heart te stean fan de minsken en net fan it jild fertsjinjen as doel op himsels. GrienLinks pleitet dêrom foar oanskerping fan it provinsjale finansieringsstelsel ‘Wurkje foar Fryslân’, fia de útfieringsprogramma’s dêrfan, rjochting ferduorsumjen en fergriening. (Sjoch ek haadstik 4, ‘Miljeu, ferduorsumjen en haadstik 7, ‘Sosjaal Fryslân).

1.2 De lânbou en ús iten

Basis foar elke ekonomy bliuwt de lânbou, want dat is de sektor dy’t ús iten produsearret. Fandêr in betreklik soad omtinken hjirfoar yn dit ferkiezingsprogram.

GrienLinks stribbet nei in mear natuerlik lykwicht yn de lânbousektor en op duorsumens basearre fiedseltechnology. Dêrby kin ús kennis op it mêd fan suvel en feetylt wrâldwiid tapast wurde. Neier ûndersyk nei emissy-earme stâlen, enerzjy-produksje, bistewolwêzen en bioraffinaazje (tapassing fan natuerlike grûnstoffen en omrin fan grûnstoffen) moat stipe wurde. Ynvestearrings yn de ûntwikkeling fan de Dairy Campus by Ljouwert wurde – wol mei mei in krityske blik - stipe.

Fan âlds is Fryslân bekend as in foaroansteande agraryske provinsje. Noch altyd is hast tachtich persint fan de romte op it fêste lân yn ús provinsje yn gebrûk as lânbougebiet. Troch de negative gefolgen foar it lânskip en it wolwêzen fan it fee, leit de takomst fan de Fryske lânbou net yn fierdere skaalfergrutting en dus is it nedich nei te tinken oer de takomst fan de lânbou. Mei it ôfskaffen fan de molkkwota yn it foarútsjoch en de te ferwachtsjen ‘sprint’ yn it produksjefolume, is no it momint oanbrutsen om ynvestearrings yn in duorsume en takomstbestindige bedriuwsfiering ta stân te bringen.

Betingsten foar skaalfergrutting binne teminsten: oan de grûn bûn nijbou neffens de Nije Pleats-metoade, wêrby’t ynpasse yn it lânskip in betingst is. GrienLinks fynt dat gemeenten en de provinsje Fryslân de Nije Pleats-metoade sûnder mis tapasse moatte.

De biologyske lânbou foarmet in spearpunt: biologysk buorkjen foarsjocht ús fan sûn iten, is arbeidsyntensyf (wurkgelegenheid) en soarget der foar dat de boeresektor syn plak yn de maatskippij feroerje kin. De nedige kennis foar biologyske lânbou moat better tagonklik wurde, foaral no’t de ôfsetmerk foar biologyske produkten groeit.

De 'Dairy Campus' by Ljouwert en besteande kennisynstellings binne hjir tige gaadlik foar. Wy wolle befoarderje dat de biologyske bedriuwen groeien bliuwe kinne, teminsten kwa oantal en kwa ôfset fan harren produkten.

Neist biologyske lânbou set GrienLinks him yn foar it duorsum meitsjen fan de gongbere lânbou en dan is nije yntroduksje fan mear mingde lânboubedriuwen fan belang. Op dizze bedriuwen kin de omrin fan dong sletten wurde en kin it fee lokaal feefoer krije: wêrom soene wy fee, foer, dong en fiedsel oer lange ôfstannen ferfieren bliuwe? Fernijende bedriuwen dy't plannen hawwe foar in duorsume of mear yntegrearre (mingde) bedriuwsfiering, ferstjinje it om finansjeel stipe te wurden. Dit jildt ek foar de 'precisie'-lânbou: sekuer de goede hoefelheid dong brûke op krekt it goede plak, sadat der gjin dong útspielt nei it milieu.

In biogasinglieding tusken Dokkum en Stiens biedt mooglik perspektiven om de dong duorsumer te ferwurkjen. Positive resultaten steane net op foarhân fêst. GrienLinks wachtet de útkomsten ôf.

Fryslân is troch oanhâldende ynset fan GrienLinks 'gentechfrij' ferklearre: de Fryske Steaten wolle net meiwurkje oan de komst fan gentech-lânbou yn Fryslân. Dit omdat genetysk manipulearre produksje net allinne liedt ta ekstra gebrûk fan gemyske bestridingsmiddels en úteinlik ta resistinsje dêrtsjin, mar ek ta monopoly's en monokultuer (tink bygelyks oan it kappen fan tropysk oerbosk foar it ferbouwen fan gentech-soja) en úteinlik ta ûnbehearsbere situaasjes. Monokultueren liede boppedat ta it útrûpeljen fan de boaiem, dus ta ûnfruchtberens, en se wurkje fersprieding fan sykten yn 'e hân.

Troch se tige hege feetichtens yn tichtbefolke gebieten is de situaasje yn Nederlân unyk te neamen yn Europa. Dit hâldt ek risiko's yn foar de folkssûnens, lykas by de útbraak fan de Qp-koarts bliken die. Wy binne dan ek fan betinken dat by it beoardieljen fan grutskalige útwreidingsplannen yn de feehâlderij, standert neist milieu-aspekten ek gefaren foar de folkssûnens meiwoegen wurde moatte. By de útwreidingsplannen binne ûnder oare fan belang: ôfstân ta bebouwing en/of rekreaasjegebieten, mar foaral ek mooglike optel-effekten troch grutskalige feetichtens. Dizze gefaren kinne fan dwaan hawwe mei fersprieding fan ynfeksjesykten fan bisten nei minsken, oerdracht fan antibiotika-resistente mikro-organismen en it bleat jaan oan hege konsintraasjes fynstof.

Op de Waadsee, it moaiste natoerreservaat fan Nederlân en wrâlderfgoed, binne ekonomyske aktiviteiten geande. Ien dêrfan is de fiskerij. Wy fine dat dy duorsum wêze moat. Dit betsjut yn de praktyk it ynstellen (fergrutsjen) fan gebieten dêr't net fiske wurde mei en it tapassen fan moderne, natuerfreonlike fangstmetoaden. De produkten dy't sa fongen wurde en oan lân brocht, hawwe in mearwearde. Wy wolle befoarderje dat dizze produkten ek as streekeigen, lytsskalich en yn Fryslân ferkocht wurde kinne.

1.3 Duorsum en lytsskalich

Ek bûten de agraryske sektor is grutskaligens net de oplossing foar Fryslân as wy sjogge nei ekonomy en wurkgelegenheid: benammen it midden- en lytsbedriuw is ditoangeande fan grut belang. Ut ûndersyk docht bliken dat de ienmans-bedriuwkes ('zzp-ers') sterk yn tal groeie.

Blykber is it hjoeddeistige ekonomyske klimaat oantreklik om mei in eigen bedriuw(ke) út ein te setten, mar dit kin ek in gefolch wêze fan de ekonomyske krisis: in soad sjogge gjin oare wei, as foar harsels te begjinnen.

Fierder is duorsum ûndernimme yn opkomst en oantoanber duorsum ûndernimme mei ekstra stipe wurde. Om de wurkgelegenheid te stimulearjen, mar ek om ôfstimming te fergrutsjen, bringt de Provinsje kontaktpersoanen fan allerhanne belutsen organisaasjes (bedriuwslibben, oerheid en bewennersorganisaasjes) yn ferskate regio's byinoar om konkrete plannen te ûntwikkeljen. Dit wurdt as proef útprobearre neffens it idee fan de 'takomstwurkpleats'.

Grien wurket. GrienLinks wol ynvestearje yn wurk en Fryslân griener meitsje. Dêrom stimulearje wy renovaasje, rjochte op it enerzjysuniger en it leafst enerzjyneutraal meitsjen fan (hier-)wenten: wy sjogge mooglikheden yn de gearwurking fan beropsopliedingen, de bousektor, fakbûnen en wenningkorporaasjes foar in projekt dat wurkgelegenheid opsmyt, regionaal bûn is en de wenkwaliteit ferbetteret. En wy meitsje it griene bedriuwen makliker om harren yn Fryslân te festigjen of hjir út te wreidzjen.

1.4 Rekreaasje en toerisme

Rekreaasje en toerisme foarmje in wichtige drager fan de ekonomyske ûntjouwing fan Fryslân. GrienLinks wol wurkgelegenheid yn dizze sektor ferbine mei duorsume fernijing.

It oanlizzen fan natoer en natoerbehear smite wurkgeljenheid op en meitsje de provinsje moaier en dêrmei oantrekliker om hjir te ferbliuwen. GrienLinks kiest foar ekonomyske ûntwikkeling dy't it lânskip sparret en wol ekstra ynvestearje yn de kwaliteit derfan. Sa ûntstiet net allinne in ekologyske mearwearde, mar krije rekreaasje en toerisme in wichtige ympuls. Yn en om Natura 2000-gebieten is allinne tige ekstensyf ekonomysk gebrûk winsklik, lykas toerisme dêr't de natoer sintraal yn stiet, mei each foar behâld en beskerming fan dy natoer. Bestearde aktiviteiten om dizze gebieten hinne wurde duorsum makke.

Wettersportrûtes drage by oan de leefberens fan doarpen en stêden. Dêrom wurdt it wer beweegber meitsjen (of sa nedich op dy wize ferfangen) fan fêste brêgen stimulearre. GrienLinks wol ynvestearje yn it ferduorsumjen fan de wettersportsektor. Neist it wenstige ferhieren fan jachten en sylboaten, wolle wy it ferhieren fan elektryske slûpen, kano's en wetterfytsen stimulearje. Boppedat komme der kanorûtes en mear oplaadpunten foar elektryske boaten.

Net allinne de bekende toeristyske gebieten fan de provinsje binne lykwols fan belang om fierder te ûntwikkeljen, ek yn de minder populêre streken is in soad moais te ûntdekken. Dêrby moat net méár fan itselde oanbean wurde, mar krekt mear ferskaat. Rekreanten freegje oan de iene kant hieltyd mear lúkse en ôfwikseling en oan de oare kant mear duorsumens foar alle aspekten fan it rekreëarjen: duorsum materiaal, enerzjyneutraal, biologysk iten, mooglikheden om massatoerisme te ûntrinnen en 'natuerliker' te rekreëarjen. Rekreaasje-ûndernimmers, horeka, kulturele organisaasjes, boeren, natoerorganisaasjes, fitness-/wellness-/sûnens-ûndernimmers, winkellju en sa mear, kinne hjir yn regionaal ferbân op ynspylje troch yn gearwurking te fernijen en goede betingsten ta stân te bringen.

Sy kinne soargje foar bygelyks ynformaasje oer nijsgjirrige lokaasjes, bysûndere oernachtingsgelegenheden, ferrassende arranzjeminten, goed fersprate mooglikheden om ûnderweis te iten en te drinken (streekprodukten). Ek kin yn regionaal ferbân ynspile wurde op negative effekten fan 'befolkingskrimp', lykas leechstân fan winkels en it sluten fan horeka. Kennis en ûndersyk fan hegeskoallen en universiteiten kinne hjir by brûkt wurde.

1.5 Kearnpunten

1. GrienLinks sjocht it as in provinsjale taak om in bliuwende dialooch tusken lânbou- en natoerorganisaasjes te ûntwikkelen. It doel dêrfan is it ta stân bringen fan in mienskiplike fisy oangeande saken as greidefûgelbehear, peilbehear, bestridingsmiddels, de problematyk om Natura 2000-gebieten hinne en skaalfergrutting yn de lânbou.
2. Neier ûndersyk nei bioraffinaazje mei gebrûk fan natuerlike grûnstoffen, om gemyske helpstoffen te ferfangen.
3. Groei fan biologyske bedriuwen: yn oantal en kwa ôfset fan harren produkten, is ús stribjen.
4. De 'Dairy Campus' moat in bydrage leverje oan it duorsum meitsjen fan de lânbou troch ûnder oare de foardielen fan biologysk buorkjen te ûndersykjen en út te dragen.
5. Gearwurkingsferbannen fan boeren dy't proeven dogge mei duorsume foarmen fan lânbou stimulearje en mooglik meitsje. Fia syn makeldersrol kin it provinsjebestjoer boeren stypje dy't oerskeakeljewolle op biologyske lânbou.
6. De provinsje stipet gemeenten by de ûntwikkeling fan de 'lânbou fan de takomst'. Dit slacht ûnder oare op stedslânbou of koöperative ferbannen tusken boeren en stedslju (lokaal fiedsel).
7. De grutskalige, yntensive wize fan it fokken fan bygelyks bargaen, fleiskeallen en plumfee, ûntmoedigje. Yn de provinsjale romtlike oardening moat in 'stand still'- begjinsel foar de bio-ynustry fêstlein wurde.
8. By de beoardieling fan grutskalige útwreidingsplannen yn de feehâlderij hearre standert risiko's foar de folkssûnens meiwoegen te wurden.
9. De provinsje stipet startende duorsume ûndernimmers.
10. De provinsje ynvestearret yn it ferduorsumjen fan de hierwenningen mei de ynset fan sa folle mooglik bou- en ynstallaasjebedriuwen út Fryslân.
11. De provinsje stipet in proef mei it 'takomstwurkplak': gearwurking fan bedriuwslibben, oerheid en bewenners foar it ferduorsumjen fan de maatskippij.
12. De provinsje biedt mooglikheden foar regionale gearwurking tusken rekreaasje-ûndernimmers, middenstân, horeka, kulturele ynstellings, boeren, natoerorganisaasjes, fitness-/wellness-/sûnensûndernimmers, en sa mear, om meiïnoar fierder te wurkjen oan ferduorsumjen.
13. De Provinsje subsidearret kennisûntwikkeling fan duorsume rekreaasje op de 'NHL Hogeschool' en 'Stenden Hogeschool' yn Ljouwert en it brûken fan kennis yn regionale gearwurkingsferbannen foar fierdere fernijing.
14. De provinsje subsidearret it oanlizzen fan 'swerfkampearplakken', d.w.s. plakken dêr't heechút in pear dagen achter inoar ien tinte stean mei om wyld te kampearen (sûnder foarsjennings).
15. Yn 2030 funksjonearret de toeristyske sektor yn Fryslân folslein enerzjyneutraal.
16. De provinsje ynvestearret yn maatregels om de tagonklikens fan rekreaasje foar minsken mei in beheining te fergrutsjen.
17. De provinsje ynvestearret yn it digitaal tagonklik meitsjen fan toeristyske ynformaasje.
18. Oanskerping rjochting it ferduorsumjen en fergriening fan it provinsjale finansieringsstelsel 'Wurkje foar Fryslân', fia de útfieringsprogramma's dêrfan.

2. KULTUER, TAAL, KEUNST EN SPORT

2.1 GrienLinks sjocht kultuer breed

De kultuer sit yn de minsken, yn de mienskip, yn it lânskip. Kultuer is net fan of foar in beheinde groep, kultuer wurdt alle dagen opnij makke en belibbe troch alle ynwenners fan Fryslân. Kultuer kin minsken meinimme en ynslute. Dat is in fantastysk gearbinend elemint. Kultuer is net allinne om te konsumearjen, it giet der ek om dat wy meimekoar weardefolle dingen ûndernimme.

GrienLinks is dêrom bliid dat Ljouwert yn kombinaasje mei de provinsje Fryslân yn 2018 Kulturele Haadstêd fan Europa wurdt, en dat it begryp 'mienskip' dêrby sintraal stiet. GrienLinks wol dat it belied fan de Provinsje der op rjochte is om de kwaliteit en de kwantiteit fan keunst en kultuer net allinne te behâlden, mar alle romte te jaan foar fierdere ûntjouwing. Yn it resinte ferline hie de Provinsje foaral jild oer foar djoere ynfrastruktuerele wurken. Ús kulturele ynfrastruktuer krige de lêste jierren klap nei klap, mei troch jildkrapte by gemeenten. De Provinsje hat ynearsten noch rom budzjet. It is tiid foar nij elan op sosjaal-kultureel mêd.

2.2 Kulturele Haadstêd 2018

Kulturele Haadstêd 2018 is yn it foarste plak in bysûnder en unyk sosjaal-ekonomysk projekt. Dêrom pleitet GrienLinks foar in proef mei it basisynkommen. GrienLinks wol graach befoarderje dat 'Kulturele Haadstêd 2018' in feest fan en foar alle ynwenners fan Ljouwert en Fryslân wurdt, wêrmei 't Fryslân him sjen lit oan Europa as in libben en unyk gewest.

GrienLinks wol sjen litte dat de grutte dielname oan prachtige amateurkeunst en de simi-professionele keunst Fryslân bysûnder makket. Dat moat dus alle romte krije en dêr mei jild foar útlutsen wurde troch de Provinsje.

Mar it moat net gean om in 'fiel-goed-feest' allinne, mar krekt ek om kulturele ûntjouwing. Allinne spannende kultuer is de muoite wurdich om oan mei te dwaan. Kulturele spanning en dynamyk binne der wis yn Fryslân. Foar foarbylden as yllústraasje:

- a. De spanning tusken de winsk ta behâld fan it kultuerlânskip en de greidefûgels, versus de hieltyd mear romte opslokkende stedsútwreiding (goed foar koarte ôfstannen yn it wen-wurk-ferkear), wegenoanlis (miskien minder files en minder ûngemakken), de mooglike bou fan wynturbines en skaalfergrutting yn de lânbou: wat docht soks mei it wêzen fan Fryslân en foaral mei de ynwenners en gasten fan dizze provinsje?
- b. De aadstêd Ljouwert en it dêr omhinne lizzende plattelân kinne net sûnder elkoar, mar der binne ûnderling (kulturele) spanningen, dêr't wat mei dien wurde moatte soe. Is Ljouwert is ommers yn 2018 kulturele haadstêd fan Europa, mar ek fan Fryslân.
- c. De fiksjes om twataligens hinne. Wis, it is in rykdom, dy âlde kultuertaal, mar foar guon ynwenners fan dit gewest eins net mear as franje - of sels in bongel oan de poat. Lit sjen hoe't wy der mei wrakselje.
- d. Kulturele Haadstêd 2018 liedt nei alle gedachten ta in positive sosjaal-ekonomyske

ympuls foar Ljouwert en Fryslân. Mar wy hawwe ek fan dwaan mei oanhâldende wurkleazens, earmoed, ôfhinklikens en efterstelling fan autochtoanen en allochtoanen yn bygelyks de Ljouwerter efterstânswiken en de saneamde krimpregio's (Noardeast- en Súdeast Fryslân): it kontinu besykjen dêr feroaring yn te bringen, mei beheind resultaat, dat is in boarne fan kulturele spanning. Dêr kin by KH2018 wat mei dien wurde.

GrienLinks wol kultueruterings en projekten mooglik meitsje dy't sokke spanning en dynamyk ta tema meitsje. De provinsje moat amateurs en beropskeunstners freegje om dwaande te wêzen mei kwestjes dy't der ta dogge; jou har produksjejild en de romte, stimulearje harren om net braaf te wêzen. Wat GrienLinks oanbelanget mei dat ek wat kostje: der mei jild foar beskikber komme.

2.3 It Frysk en de streektalen

De Fryske taal is prachtich. De taal hat autonome wearde as drager fan de kultuer. Utgangspunt foar it belied: it op syn minst passyf behearskjen fan it Frysk en de streektalen foar ynwenners fan Fryslân is nedich om echt meidwaan te kinnen yn de Fryske mienskip.

Wat better as bern har memme- of heitetaal leare, wat makliker as der ek oare talen oanleard wurde. Yn de berne-opfang, yn pjutteboartersplakken, op de basisskoallen: rûnom moat in meartalige oanpak gewoan wurde. Safier is it noch net, mar in begjin is makke. De Provinsje krijt mear sizzenskip oer it Fryske ûnderwiis op dit punt. Dy wurdt aktyf oppakt, sadat de negative ynspeksjerapporten anst ta it feline hearre. Wat GrienLinks oanbelanget binne motivearre en belutsen learkrêften dêrby krusiaal. Yn harren by-oplieding moat dus ynvestearre wurde.

In grut part fan de ynwenners fan Fryslân seit posityf te stean foar it Frysk oer. Dochs is der regelmjittich ferskil fan miening wannear't de taal prominint yn byld komt as gebrûkstaal. Der binne op it stuit noch sa 'n 400.000 Fryskpraters, mar kwalitatyf en kwantitatyf wurdt it brûken fan de taal stadichoan minder. Skoalbern prate, ek bûten de grutte kearnen, ûnderling meast Nederlânsk. It giet hurd. De fraach is: hoe geane wy, mei it each op de takomst, om mei it skriftlik en sprutsen Frysk? Wolle wy echt dat de taal bliuwt, dan sil der sawol troch de ynwenners fan Fryslân as de Provinsje mear yn ynvestearre wurde moatte.

GrienLinks fynt dat de Provinsje dêrom in brede maatskiplike diskusje mooglik meitsje moat oer de takomst fan it Frysk. Mear jild en romte foar it Frysk is wat ús oanbelanget nedich, mar soks kin allinne mar suksesfol yn belied omsetten wurde, wannear't in grut diel fan de Friezen dat ek echt wol.

De provinsje Fryslân stipet neist it Frysk it Biltsk en it Stellingwerfsk. GrienLinks fynt dat dit belied oerein bliuwe moat.

2.4 Regionale kulturele organisaasjes, heger ûnderwiis, omrop en parse, musea

De Afûk, de Fryske Akademy, Tresoar en Tryater fertsjinje royale bliuwende stipe fan de provinsje fanwege har grutte belang foar de regionale kultuer en taal. Provinsjale Steaten moatte lykwols op syn minst ien kear yn it jier yngeand diskusjearje oer belied en aktiviteiten fan dizze organisaasjes, en dat belang op aktuele wearde hifkje.

Belangryk evaluaasjekriterium hjirby is yn hoefier't de ynstituten boargers fan Fryslân aktyf by har wurk belûke (kinne). Sa nedich wurde de betingsten foar de finansiering oanpast. Gearwurking mei Ljouwerter ynstituten, lykas it Historisch Centrum Leeuwarden (HCL), wurdt stimulearre. Ek de gearwurking mei it heger ûnderwiis yn Ljouwert wurdt as betingst steld foar bliuwende finansiering.

Wat GrienLinks oanbelanget stekt de Provinsje der in protte tiid en jild yn om de University Campus Fryslân út te bouwen mei mear 'masterstudies', om út te groeien ta in folweardige universiteit. Fan belang is it stribjen nei duorsume ynnovaasje, ek mei de hegeskoallen, it Nordwin-kolleezje en de oare MBU-skoallen. Positive ferbinings mei it bedriuwslibben binne fan belang, sjoch nei de ûntwikkeling fan Wetsus (ûndersyks- en ûntwikkelingsynstitút op it mêd fan wetter).

De Provinsje heart mei 'traineeships' foar ôfstudearre minsken troch te gean. Wurkûnderfining opdwaan is essensjeel foar jonge wurkleazen.

Omrop Fryslân kriget, at it oan GrienLinks leit, mear provinsjale subsydzje. It is fan belang dat wy in ûnôfhinklike selsstannige regionale omrop hâlde, mei eigen programmearring, nijsfoarsjenning, dokumintêres en dramaproduksjes. Benammen wat de televyzje oanbelanget wurdt de stjoertiid útwreide om te kommen ta mear oarspronklike programmearring.

GrienLinks hat grutte soarch oer de efterútgong fan it regionale krantebedriuw. Foar it sûn funksjonearjen fan in demokrasy is in ûnôfhinklike krityske parse fan libbensbelang. Oant no ta slagget it net om dyselde krityske funksje fia ynternet en sosjale media op kommersjele basis foarm te jaan. Yn de kommende Steateperioade wurdt op inisjatyf fan de Provinsje ûndersocht hoe't de funksje fan de parse bliuwe kin, mei - ûnder oare - aktive partisipaasje fan de belutsen redaksjes en útjouwers. Foar GrienLinks is finansjele stipe op foarhân gjin taboe. Gearwurking tusken Omrop en skreaune parse kin ek fertuten dwaan.

Op subsydzje foar it Frysk Museum (FM) is yn de efter ús lizzende perioade besunige. Wat dat betsjut foar de eksploitaasje fan it FM yn de kommende jierren is net goed te oersjen. Yn 2016 moat der in evaluaasje plakfine, en moat der opnij kediisd wurde yn 'e Steaten oer de betingsten wêrûnder subsydzje jûn wurdt. Sawol it saaklik as it ynhâldlik belied komme dêr oan de oarder.

Der wurdt in ynventarisaasje makke fan alle lytsere musea yn Fryslân, dy't struktureel troch Provinsje, Ryk en/of gemeenten subsidiearre wurde. Us ynfalshoeke dêrby is dat de measte fan dy museums in wichtige funksje hawwe: foar it publyk, foar de (meast frijwillige) meiwurkers en foar it behâld fan kultureel erfgoed. Op basis fan de ynventarisaasje wurdt besjoen wat de Provinsje mear dwaan kin foar it libben en oantreklik hâlden fan lytse museums.

2.5 Fan biblioteek nei kultuerhûs

Yn in soad gefallen slute gemeenten bibleteken, muzykskoallen, kreativiteitssintra;doarps- en buerthuzen hawwe it bytiden dreech. By gemeenten is op dit punt net folle fisy: de winsk om te besunigjen stiet meast foarop. De Provinsje nimt dêrom har ferantwurdlikheid. GrienLinks fynt it fan grut belang dat yn stedswiken en gruttere doarpen fergees tagonklike lêssealen

binne, mei in flink ferskaat oan digitale media en oan boeken. Biblioteken kinne in omslach meitsje nei in kultuerhûs, dêr't fan alles op edukatyf mêd te dwaan is. Kursussen, selsstúdzje, lêzingen, lêsrûnten, keunstedukaasje, meimekoar musisearje, amateurdûns, iepen ateliers, alfabetisearring, emansipaasjegroepen fan allochtoanen, nije ferbannen fan minsken dy't harren organisearje om in tema hinne, mar ek gearkomsten fan bygelyks it Nut en de plattelânsfroulju, folle net genôch. Der komt in provinsjaal fûns om dy omslach te befoarderjen.

It doel is om rûnom yn Fryslân op syn minst fyftich fan sokke kultuerhuzen, mei in profesjonele organisaasje en programmearring, te realisearjen yn de kommende perioade.

2.6 Sport

Sporten is sûn, gesellich, smyt minskekennis op en ferbynt minsken. De Provinsje stimulearret dêrom it aktive sporten fan safolle mooglik ynwenners. Dy taak is dellein by Sport Fryslân. Dy ynstelling kin dêrom wis wêze fan provinsjale subsydzje. Krekt as by de hjirboppe neamde kulturele ynstellings, diskusjearje Provinsjale Steaten alle jierren oer it funksjonearjen fan Sport Fryslân. Mei útsûndering fan de foarsjenning foar it reedriden (Nij Thialf op It Hearrenfean), is der foar de Provinsje gjin taak yn it befoarderjen fan de profesjonele sport. Ynvestearje yn topsport kin stimulearjend wurkje foar de breedtesport (sjoch ek kearnpunt 11).

2.7 Kearnpunten

1. Jild foar spannende projekten yn it ramt fan Kulturele Haadstêd.
2. By-opleiding foar leararen, pjutteliedsters en berneopfang-meiwurkers om in ympuls te jaan oan de meartalige oanpak.
3. Brede maatskiplike diskusje oer de takomst fan it Frysk.
4. Kulturele ynstellings jierliks aktyf hifkje troch PS.
5. Wurkje oan it fersterkjen fan de University Campus Fryslân ta folweardige universiteit, fia it útbouwen fan ûnder oare (it tal) 'master-studies'.
6. Mear jild as de lêste jierren foar Omrop Fryslân.
7. Omtinken en jild foar it yn stân hâlden en nij ûntwikkeljen fan in ûnôfhinklike en krityske regionale sjoernalistyk.
8. Evaluaasje fan de subsydzjekoarting en it belied fan it Frysk Museum.
9. Rûnom yn de provinsje oantreklike lytse musea.
10. Realisaasje fan 'kultuerhuzen' (mei biblioteekfunksje) rûnom yn stedswiken en gruttere doarpen.
11. Breedtesport stimulearje: elts bern yn Fryslân de kâns jaan oan sport te dwaan (sanedich oanfoljend provinsjaal belied, want yn it foarste plak taak fan de gemeenten).

3. LOKAAL BESTJOER EN FEILIGENS

3.1. Selsstannigens provinsje, gearwurking en gemeentlike weryndieling

Mei it each op de bysûndere identiteit fan Fryslân wol GrienLinks mei oare provinsjes net fusearje; gearwurking mei Grinslân en Drinte leit foar de hân, seker om de noardlike stim yn De Haach lûd en dúdlik hearre te litten en om goed mei Europa oerlizze te kinnen. Mar ek gearwurking mei Noard-Hollân, bygelyks oer de Iselmar, de Ofslútdyk en de Waadsee, is fan grut belang. De kritearia dy't GrienLinks sintraal set binne: omtinken foar de kulturele identiteiten yn de ferskate regio's, ús mei ien lûd hearre litte kinne yn De Haach en Brussel, it demokratysk gehalte fan de beslútfoarming en taken goed útfiere kinne.

GrienLinks stipet inisjativen om de organisaasje fan it behear fan it (Nederlânske) waadgebiet sadanich út te fieren, dat ûndûbelsinnich en yntegraal behear fan it waadgebiet ta stân komt, by foarkar op ynternasjonaal nivo (dus ynklusyf it Dútske en Deenske waadgebiet).

Op gemeentlik nivo is it fan belang dat de boarger himsels werkent yn it gemeentlike bestjoer, dus dat it bestjoer om samar te sizzen as in ôfpegeling fungearret fan de boargers en dêr net te fier fan ôf stiet. Ek moatte boargers maklik gebrûk meitsjekinne fan gemeentlike tsjinsten. Essensjeel is it demokratysk gehalte fan de beslútfoarming en it flot en saakkundich útfieren fan de gemeentlike taken. Tsjin dizze achtergrûn binne op gemeentlik nivo sawol gearwurkjen as fusearjen opsjes. Der moat draachflak wêze ûnder de befolking foar de opsje dêr't de gemeentlike bestjoerders foar kieze.

3.2. Ynternasjonale gearwurking

Fryslân makket diel út fan de wrâld en fielt dêrom fanselsprekkend bining mei de rest fan de wrâld. Dat uteret him yn Europeeske gearwurking, it bydragen oan it berikken fan de millenniumdoelen, in freonskipsbân mei Sichuan yn Sina en sa nedich in gastfrije regio wêze foar flechtlingen. It beslút is nommen dat Fryslân in saneamde 'fair trade'-provinsje wurdt: dit beslút wurdt de kommende jierren fierder útfierd. 'Fair trade' betsjut: earlike hannel, ynkeap en ferwurking fan duorsum produsearre produkten en tsjinsten, sawol nasjonaal as ynternasjonaal.

3.3. Demokratyske fernijing

De maatskippij feroaret yn in netwurk-mienskip dêr't boargers en organisaasjes ûnderling op in lykwaardige basis gearwurkje en ynformaasje útwikselje. De tradisjonele oerheid is in organisaasje dy't fan boppenôf stjoert en sa'n oerheid slút hjir net by oan. Trochdat boargers har minder werom fine yn it belied fan de oerheid, keare sy de polityk de rêch ta en dat makket demokratyske fernijing nedich. Boargers meitsje op eigen inisjatyf belied. Dêrom sil der mear en foaral earder mei boargers oerlein wurde moatte. De posysje fan folksfertsjintwurdiging en it politike bestjoer feroaret dêrtroch, mei as gefolch dat belanghawwenden sa ier mooglik by de beliedsfoarming belutsen wurde moatte, ynformaasje rom beskikber wêze moat, politike keuzemooglikheden ynsichtlik makke wurde moatte en der dúdlike rollen wêze moatte foar boargers, politisi en bestjoerders.

Fan in fersoargingssteat feroaret ús lân, Fryslân ek, yn in selsorganisearjende maatskippij. No't de legitimiteit fan it bestjoer polityk net mear fansels sprekt, de opkomst by de provinsjale ferkiezings dramatysk sakket en it fertrouwen fan boargers ôfnimt, is it fan grut belang dat de relaasje tusken boargers en oerheid op 'e nij stal kriget.

In boarger dy't op eigen krêft belied útfiert, wol der ek sels oer meitinke en -prate kinne. Dan liket ien kear yn 'e fjouwer jier stimme net mear foldwaande. Us representative demokrasy rekket spitigernôch yn de bedelte. Tagelyk is de belangstelling om meiïnoar in goede maatskippij ta stân te bringen der net minder op wurden. Wy konstatare dat politike partijen 'leech' rinne. Yn neifolging fan ideeën en foarstellen fan de Flaamske skriuwer David van Reybroeck stelle wy út om op eksperimentele grûnslach fia oare seleksjesystemen (bygelyks lotsjen) in boargerfoarum op te setten, rjochte op it fersterkjen fan de demokrasy yn dizze provinsje. GrienLinks wol dit konkrete idee op reële tapasberens toetse en neier útwurkje, wêrby't dúdlik útgien wurdt fan aktyf boargerskip, mei rjochten én plichten fan de Fryske boargers dy't mei in iepen eachweid yn it publike domein aktyf wêze wolle.

Sûnt 2014 wurket de provinsje gear mei de Fryske gemeenten, Wetterskip Fryslân, maatskiplike organisaasjes en ynwenners oan de ûntwikkeling fan it Fryske plattelân mei in nije oanpak: de Streekaginda. It giet om útfieringsprogramma's fan projekten fan en foar de streek; dêryn lizze de dielnimmers mienskiplik de gebietsdoelen en ambysjes fêst. De streekaginda's lykje wol in goed oerlis 'fan ûnderop', mar wurde troch de provinsje oplein: dit jildt foar de yndieling fan de regio's en foar de ûnderwerpen dy't oan bod komme. Op basis fan de streekaginda's wurde de finansjele middels ferdielt en sa wurdt ynfloed útoefene. It is de fraach oft de provinsje op de streekaginda's sa folle ynfloed hâlde moat.

Dêrneist heart de provinsjale oerheid him te ûntwikkeljen ta in saneamde nije oerheid: yn it foarste plak rjochte op tsjinstberens, dy't de boarger motivearret, stipet en stimulearret. Dit yn balâns mei de klassike taken fan de oerheid: hanthavening, kontrôle en feiligens.

3.4 Feiligens

Feiligens giet oer de risiko's dy't ûntsteane foar de omkriten by it gebrûk, de opslach en de produksje fan gefaarlike stoffen (troch fabriken en sa). It transport fan ûnfeilige stoffen oer de dyk, it wetter, it spoar en troch buizen moat beheind wurde en moat barre mei de grutste soarchfâldigens foar minske, natoer en miljeu.

3.5 Kearnpunten

1. Net fusearje mei of opgean yn oare provinsjes; gearwurkje mei Grinslân, Drinte en Noard-Hollân om mienskiplike belangen te behertigjen, leit foar de hân.
2. De provinsje sjocht der op ta dat by gearwurkings- of fúzjeplannen fan gemeenten foldien wurdt oan kwaliteitseasken: foldwaande demokratysk draachflak en goede, korrekt ferrûne prosedueres ditoangeande.
3. Der wurdt neier útwurking jûn oan Fryslân as 'Fair Trade'-provinsje.
4. De provinsje makket plannen foar it fersterkjen fan de provinsjale demokrasy: eksperimentele foarmen rjochte op it rieplachtsjen fan boargers, lykas beskreaun troch ûnder oare David van Reybroeck, wurde útwurke.

4. MILJEU EN FERDUORSUMJEN

4.1 Miljeu

GrienLinks set yn op in duorsum en sûn miljeu yn Fryslân. Dan giet it om de omjouwing dêr't wy yn libje. It miljeu omfiemet de lucht dêr't wy mei sykhelje, de grûn dêr't wy op wurkje en wenje, it wetter en it lûd. Al dizze faktoaren binne fan ynfloed op it wolwêzen en de sûnens fan minske, bist en plant. Wolwêzen fan minsken stiet sintraal en hjir leit in direkte keppeling fan miljeu mei it sosjale domein. Geunstige omstannichheden foar sûnens freegje om in goede leefomjouwing, ynklysyf in goed miljeu, goed ûnderwiis, plezierich wurk en goede arbeidsomstannichheden en soarch.

Cittaslow is it ynternasjonale skaaimerke foar gebieten dy't op it mêd fan leefomjouwing, lânskip, streekprodukten, gastfrijens, miljeu, ynfrastruktuer, kultuerhistoarje en behâld fan identiteit ta de top hearre. De oarsprong fan Cittaslow leit yn Orvieto (Itaalje) en de namme slacht yntusken op in ynternasjonale netwurk dat sterk ferbûn is mei de ynternasjonale 'Slow Food'-beweging. GrienLinks wol dat Fryslân de earste Cittaslow-provinsje fan Nederlân wurdt. Op dizze wize wurde duorsumens en klimaatbelied keppele oan it wolwêzen fan minsken. Klimaatferoaring hat nammentlik ek gefolgen foar it Fryske lânskip: no al hawwe wy lêst fan ekstremer waarsomstannichheden (waarme simmers, foarse reinbuoien) en op termyn sil ek de stiging fan de seespegel in wichtige rol spylje. Us besteande ynfrastruktuer (bygelyks polder- en seediken) is hjir net op berekkene en de kosten om dizze oan te passen binne fiks. Utstjit fan CO₂ is ien fan de oarsaken fan de druk op it miljeu. As lân mei in hege wolfeart is Nederlân ferplichte it foartou te nimmen by de beheining fan broeikasgassen en de ûntwikkeling fan duorsume technology; Fryslân heart dêr ek oan by te dragen. De einigens fan fossile brânstoffen ferget in maksimale ynset fan alternativen op de enerzjymerk. Mei duorsume ynnovaasjes kin jild fertsjinne wurde: de ekonomy fan de takomst. GrienLinks wol ideeën ûntwikkelje foar in skjinne enerzjy-ynfrastruktuer yn hiel Fryslân. Hjirta moat ûndersocht wurde wat mooglik is op it mêd fan waarmtenetten. Dêrneist wurdt yn gearwurking mei bedriuwen in provinsjedekkend net foar elektryske ferfier realisearre.

4.2 Skjinne enerzjy, enerzjy besparje en wynmûnen

Fossile enerzjy (produsearre tanksij gas, stienkoal, ierdoalje, uranium) is skealik foar it miljeu en foar de sûnens fan ús sels en takomstige generaasjes. Troch de gigantyske produksje fan sokke enerzjy waarmet de ierde op, wat ûnder oare in bedriging is foar de takomstige produksje fan foldwaande iten foar de minsken op ierde. Wy binne op dizze ierde lykwols hieltyd mear ôfhinklik fan fossile enerzjyboarnen.

Net allinne miljeu en klimaat wurde troch de fossile enerzjyproduksje bedrige, ek de sosjaal-ekonomyske ferhâldings steane ûnder druk. In beheinde rûnte fan kapitaalbesitters en machtigen bout tanksij de enerzjyhannel grutte fermogens op. Produksje en distribúsje fan enerzjy binne in lytse tweintich jier lyn oergien fan oerheidsbedriuwen nei de merk. Dat is net effektyf foar it flot duorsum meitsjen fan de enerzjyfoarsjenning. De fraachstikken, ferbûn mei enerzjyproduksje en -distribúsje binne te kompleks om oan de merk oer te litten, sa docht bliken.

Om dizze problemen op te lossen is it nedich dat realistyske programma's foar enerzjybesparring en allerhanne foarmen fan fernijbere, skjinne enerzjy de kâns krije har te ûntwikkelen. De provinsje Fryslân moat hjir mei foaroprinne. Wy hawwe, mei ús PEB- en NUON-ferline en de roppigens om grou jild te fertsjinjen, in eareskuld yn te lossen.

4.3 Lokale inisjativen, sizzenkip en profyt by de mienskip

Lytsskalige inisjativen, droegen troch in doarp of wyk of in groep fan minsken dy't sels profitearret fan de enerzjyproduksje en de eventuele levering fan restproduksje oan de mienskip, fynt GrienLinks fan grut belang. Dy ûntwikkeling fan kollektiven 'fan ûnder op' moat stimulearre en mooglik makke wurde. Wat net op lytsere skaal kollektyf organisearre wurdt, moat ûnderbrocht wurde by in bedriuw dat yn eigendom is fan de Fryske mienskip as gehiel, fan de Provinsje. Sawol pleatslike kollektiven as dit provinsjaal bedriuw lizze jierliks yn begryplike taal ferantwurdig ôf oan de mienskip.

Der moat tefoaren kaam wurde dat inkele persoanen of groepen fan kaptaalkrêftige minsken flinke ynkommens en fermogens opbouwe kinne, tanksij produksje en hannel yn enerzjy; de fout dy't op dit punt makke is by de fossile enerzjy moat net werhelle wurde by de skjinne enerzjy. Dêr 't sokke machtsposysjes troch guon al opboud binne, moat de Provinsje dy macht, binnen de grinzen fan de wet, safolle mooglik werombringe en wêr mooglik beheine.

4.4 Fernijing stimulearre

De Provinsje stimulearret ûndersyk en eksperiminten foar nije foarmen fan skjinne enerzjyproduksje, -opslach en -distribúsje, en fansels fan enerzjybesparring. Dat stimulearjen bart sawol op 'hightech' wittenskiplik nivo, as mei finansiering fan tige praktyske plannen. Fan elk in foarbyld:

- a. Undersyk nei en it sa fluch mooglik grutskalich tapassen fan it brûken fan de spanningsferskillen tusken swiet en sâlt wetter en it tiferskil tusken eb en floed ('blauwe enerzjy'); tink oan de kombinaasje mei it oanpassen fan de Ofslútdyk.
- b. It pleatsen fan tsientûzenen sinnepanielen op hierwennings oeral yn Fryslân, yn gearwurking mei de wenningkorporaasjes.

GrienLinks set him der foar yn om Fryslân yn 2025 enerzjyneutraal wêze te litten, dat betsjut dat alle enerzjy yn de provinsje op in duorsume wize produsearre wurdt. In earste en ûnmisbere stap is it tsjingeane fan ûnnedich enerzjyferbrûk. GrienLinks jout prioriteit oan it renovearjen en isolearjen fan besteande gebouwen en de bou fan enerzjyneutrale wenten. Dat is ek goed foar de wurkgelegenheid, it miljeu en de beurs fan de boargers.

Nije metoaden fan it winnen fan fossile brânstoffen, lykas skalygaswinning, kinne dúdlik net op de stipe fan GrienLinks rekkenje. Neist it feit dat it ek fossyl en einich bliuwt, bringt skalygas grutte risiko's foar ús grûnwetter mei. Kearnenerzjy makket ek gebrûk fan (einige) fossile brânstof.

Omdat de tapassing hjirfan in soad bywurkingen hat, lykas it radioaktive ôffal, sjogge wy kearnsintrales perfoarst net as oplossing. Oan opslach fan dit ôffal yn ûndergrûnske koepels yn Fryslân wurdt net meiwurke. Ek opslach fan CO2 hâldt de kearn fan it probleem – ôfhinklikens fan fossile brânstoffen – yn stân en biedt gjin duorsume feroaring en dêrom wurdt oan de opslach hjirfan yn Fryslân net meiwurke.

4.5 Sûnder wynmûnen kin it net

Yn de miks fan skjinne enerzjyfoarmen binne wynmûnen nedich. De technyk fan wynnenerzjy is folwoeksen en relatyf goedkeap.

GrienLinks wol dat de provinsje en 'us boargers sizzenkip hâlde oer it pleatsen en de opbringsten fan wynmûnen. Wy geane dêrby út fan de doelstelling fan 530 MW. As wy neat besluten, dan bes'ut it Ryk oer it pleatsen fan wynmûnen en geane grutte enerzjybedriuwen en ynvesteardera oan 'e haal mei de opbringsten. Om dy ten goede komme te litten oan de mienskip, hat it oprjochtsjen fan in Provinsjaal Enerzjy Bedriuw (PEB) grutte prioriteit. Dêrneist wol GrienLinks doarpen en enerzjykoöperaasjes meiprofitearje litte fan wynturbines.

De negative aspekten fan de produksje fan fossile enerzjy binne foaral sichtber op grutte lokaasjes bûten wengebieten en hawwe boppedat foaral negatyf effekt foar takomstige generaasjes. Wynmûnen, foaral op lân of yn de Iselmar, binne fuortdaliks sichtber en wurde troch grutte groepen minsken ûnderfûn as lânskipsfersmoarging. Utsicht op draaiende wynmûnen, dat docht tal fan minsken sear oan de eagen en oan de siel. GrienLinks hat hjir omtinken foar. Wy sille dizze reële beswieren net fuortprate of negearje. Hjoeddeistige wynmûnen binne yn de eagen fan in hiel soad minsken lilke dingen.

Pleatsing moat mei ferdrach plakfine. Op plakke dêr't it lânskip al skeind is – lykas bedriuweterreinen – is romte foar wynenerzjy. Dêrneist slute lijnopstellingen by spoardiken, diken en wegen better oan by de opbou fan it lânskip as klusteropstellingen. GrienLinks wol fan de Ofslútdyk in ikoan meitsje mei sinnepanelen en 'blue energy' (enerzjy út sâlt en swiet wetter). GrienLinks stipet it ûndersyk nei it pleatsen fan wynmûnen op de Ofslútdyk.

By it pleatsen fan wynmûnen wurde Natura 2000-gebieten, lykas de Iselmar, safolle mooglik sparre en teminsten dêr net pleatst as der negative effekten binne op de natoer.

4.6 Offal

Harns is neist havenplak yntusken ek de lokaasje wurden fan de nije ôffalûne fan Omrin. Yn de ôfrûne jierren hat GrienLinks him hieltyd wer mei krêft útsprutsen tsjin de festiging fan dit bedriuw op dit plak oan it Waad mei de status fan Wrâlderfgoed. In ûnlogysker kombinaasje is yn ús eagen net te betinken. Wy fine dat de Provinsje fan har posysje gebrûk meitsje moat om skerp tafersjoch te hâlden op de útstjit fan de Omrin-ôffalûne. Dêrneist bepleitet GrienLinks fernijende perspektiven om minder ôffal te produsearjen en yn pleats dêrfan yn te setten op wergebrûk. GrienLinks wol dat Fryslân syn foarbyldfunksje brûkt om de nije mooglikheden te stimulearjen.

4.7 Kearnpunten

1. Yn it duorsume enerzjybelied fan GrienLinks stiet de saneame 'trias energetica' foarop: besykje enerzjyferbrûk earst ûnnedich te meitsjen, dêrnei te beheinen (tink oan goede isolaasje), en ta beslút de produksje sa duorsum mooglik te meitsjen, leafst 'enerzjy-neutraal'.
2. Bopperegionale en duorsume ynfrastuktuer realisearje, lykas waarmtenetten en

oplaadmooglikheden foar elektrysk ferfier. GrienLinks sjocht dit as in provinsjale taak.

3. Untwikkeling fan lytsskalige, kollektive enerzjy-inisjativen wurdt stimulearre.
4. Alles dat net op lytsere skaal organisearre wurde kin, wurdt ûnderbrocht by in nij op te rjochtsjen Provinsjaal Enerzjybedriuw.
5. GrienLinks wol – fia de provinsje – besykje tsjin te gean dat inkelingen of groepen kapitaalkrêftige minsken flinke ynkommens en fermogens opbouwe kinne tanksij produksje fan en hannel yn skjinne enerzjy. Meidwaan oan kollektiven foar duorsume enerzjyproduksje en/of –konsumpsje stiet foar eltsenien iepen.
6. Untwikkeling fan nije ‘hightech’ produksjefoarmen fan skjinne enerzjy stimulearje.
7. Tsientûzenen sinnepanielen en/of sinnekollektoaren op hierwennings: de provinsje stipet dit, lykas isolaasje fan wenten (sjoch kearnpunt 1).
8. Wynmûnen komme der, mar wurde mei ferdrach pleatst, dus mei respekt foar de omjouwing (bewenners en lânskip), dêr wêr’t al foarse yngrepen yn it lânskip dien binne, sa op of by bedriuweterreinen, by grutte wegen, kanalen en spoarwegen del.
9. Wannear’t dy wynmûnen oer in oantal desennia net mear nedich binne, wurde se ferwidere.
10. In regeling ynfiere foar it stypjen fan enerzjyneutrale bou.
11. By fergunningferliening de ûntwikkeling fan enerzjysunigens en miljeufreonlike produksjeprosessen stimulearje.
12. Gjin meiwurking jaan oan kearnenerzjysintrales en opslach fan kearnôffal en CO2.

5. LANLIK GEBIET, LANBOU EN NATOER

5.1 In lânskip mei mearwearde

Yn it lanlik gebiet binne in soad wearden en belangen fertsjintwurdige. Boeren, boargers en rekreanten, bisten en planten meitsje allegearre op harren wize gebrûk fan loft, lân en wetter. Ek saneamde sêfte wearden dy't sels gjin stim hawwe, lykas rom sicht, rêst, biologysk ferskaat en kultuerhistoarysk weardefolle struktueren binne rûnom yn it lanlik gebiet te finen. GrienLinks wol opkomme foar dizze 'sêfte' wearden, omdat se ús libben ferrykje en wy fansels ek de generaasjes nei ús skjin wetter en in rike natoer gunne.

In grut ferskaat oan lânskippen makket Fryslân ta in unike provinsje: sân, fean en klaai hawwe útsprutsen eigen kwaliteiten en biotopen. It Waadgebiet is oanwiisd as UNESCO-Wrâlderfgoed. It lânskip fertsjintwurdiget foar syn ynwenners in grutte emoasjonele en ekonomyske wearde. Oanlis fan diken, útwreiding fan stêden en doarpen en skaalfergrutting fan de lânbou soargje der foar dat it lânskip ûnomkearber fan karakter feroaret.

De Provinsje is de oerheid mei de wichtichste taken op it mêd fan lânskip en natoer en GrienLinks wol dat de Provinsje Fryslân dizze rol mei gloede op har nimt. It ûnderhâld fan it lânskip, ynklusyf agrarysk natoerbehear, freget om bliuwende en royale provinsjale stipe. Wy wolle dat de provinsje langrinnende kontrakten slút mei boeren en partikulieren en dêrby langrinnende wissichheden biedt, garânsjes dy't wikseljende kabinetten spitigernôch net of te min bean hawwe. Koart sein, GrienLinks kiest foar in ekonomyske ûntjouwing dy't it lânskip en de natoer sparret. Hjirtroch ûntstiet net allinne in ekologyske mearwearde, mar krije rekreaasje en toerisme in stimulearjende ympuls. Boppedat fersterkje fraaie, werkenbere en autentike lânskippen de oantreklikens fan Fryslân as wen- en rekreaasjeprovinsje.

Oant yn de jierren santich leine de bermen fan de wegen der by as glêd skearde túntsjes. Se waarden seis oant sân kear yn 't jier meand, wêrby't it gers lizzen bleau. Hjoeddedei wurde de measte bermen, en ek kanaalwâlen en polderdiken, ekologysk beheard. Dat wol sizze dat de natoer sa folle mooglik de kâns kriget him te ûntjaan. Yn de simmer wurde de bermen beheind meand. Sa wurdt de wei net behindere troch it grien en kin it meande guod efkes lizzen bliuwe, sadat it sied rypje en ôffalle kin, foardat it fuorthelle wurdt (en brûkt wurdt foar kompost of foar fergêsting). It resultaat is dat wy simmerdeis genietsje kinne fan bloeiende bermen en dat seldsume plante- en bistersoarten in hinnekommen neist de wei fine kinne. Foar ynsekten en lytse bisten kinne de bermen boppedat leefgebiet wêze; foar fûgels en oare, gruttere bisten foarmet de natuerlike weiberm in ferbining tusken harren leefgebieten. GrienLinks fynt dat it tiid wurdt, it ekologysk bermbehear te evaluearjen: wurdt it yn de praktyk (noch) sa útfierd, dat plant en bist der optimaal fan profitearje?

5.2 Duorsume lânbou

Fan âlds stiet Fryslân bekend as agraryske provinsje: noch altyd is hast tachtich persint fan de romte hjir yn gebrûk as lânbouprovinsje. GrienLinks fynt dat troch tanimmende konkurrinsje op de wrâldmerk, it ôfbouwen fan Europeeske subsydzjes en fanwege negative gefolgen foar it lânskip en it bistewolwêzen, de takomst fan de Fryske lânbou dúdlik net yn fierdere skaalfergrutting leit.

Boppedat docht bliken út ferskate stúdzjes, ûnder oare fan de fiedselorganisaasje fan de Feriene Naasjes (FAO), dat de klam dy't yn de wrâld hieltyd mear lein wurdt op dierlike, yn stee fan plantaardige aaiwiten, skealik is foar minske en miljeu. As wy - as wrâldbefolking - ús sels yn de takomst mei njoggen miljard minsken genôch iten ta hawwe wolle, sil de klam mear lizze moatte op nôt en minder op fleis en suvel.

Dêrom kiest GrienLinks foar in oar groeibegryp: net in lânbousektor dy't útblinkt troch grutskaligens, mar in duorsume en heechwaardige lânbou. Fiedselproduksje dy't yn balâns is mei de beskikbere hoefelheid grûn soarget der foar dat de omrin fan mineralen sa folle mooglik sletten bliuwt en lit natoerwearden better ta har rjocht komme.

GrienLinks pleitet al in skoft foar 'dielde romte' ('shared space') yn it agrarysk natoerbehear: gearwurking fan boeren, natoerbeskermers en wittenskippers yn it foardiel fan lykwicht tusken natoer en lânbou. Dêr silte wy ús foar ynsetten bliuwe.

En wêrom ûnnedich slepe mei bisten, foer, dong en fiedsel oer lange mondiale ôfstannen? Fansels is der net folle tsjin om typysk streekbûne produkten te ym- en eksportearjen, mar it is ferstannich de primêre produksje fan iten tichteby de úteinlike konsumint plakfine te litten, sawol foar de werkenberens as foar de feiligens fan it iten.

Wy wolle yn Fryslân 'fair trade' lânbou: boeren moatte in ridlike beleaning krije foar maatskiplike tsjinsten, lykas it bergjen fan wetter of it behear fan it lânskip. GrienLinks sjocht ek mooglikheden foar it ôfsetten fan streekbûne produkten. Dêrby wurdt ûnder oare tocht oan koöperative organisaasjes, wêrby't minsken út de omkriten in part fan de produkten streekrjocht by de boer keapje. Wy binne der fan oertsjûge dat minsken mear betelje wolle foar produkten dêr't fan bekend is wêr't se wei komme. Dat smyt úteinlik in mearwearde op foar sawol de boeren, troch in hegere omset, as foar de klanten, trochdat produkten foar harren begjinne te 'libjen'. Dêrneist sil it sichtber meitsjen fan it produksjeproses biologyske produksjewize stimulearje. Ferbreeding fan ekonomyske aktiviteiten op it plattelân is fan belang foar de libbensfetberens fan it lanlik gebiet: duorsume enerzjyproduksje, it opwurkjen fan organyske stoffen ta heechwaardige produkten (bioraffinaazje) en lytsskalige rekreaasje biede wichtige kânsen foar agrariërs.

5.3 Natoer en bistewolwêzen

Foar GrienLinks hat natoer in yntrinsike wearde. Utrweiding en fersterking fan de natoerwearden drage by oan libbensferskaat ('biodiversiteit'), de rekreative ekonomy en it wolwêzen fan ús boargers. De provinsje heart dat libbensferskaat yn kaart te bringen en te hâlden en aktyf soartebelied te fieren.

Sâltwinning ûnder de Waadsee is foar GrienLinks taboe. Fersterking fan de Ekologyske Haadstruktuer (tsjintwurdich Natuurnetwerk Nederland) hat prioriteit. GrienLinks fynt dat ferfolgers fan beskerme rôffûgels oanpakt wurde moatte.

Yn it ramt fan in yntegraal feilige Ofslútdyk is GrienLinks foarstanner fan útwurking en it ta stân bringen fan de Fiskmigrasjerivier westlik fan Koarnwertersân. Yn dit klimaatbufferprojekt kinne kwelders bydrage oan de feiligens, wurdt de barriêre foar fisken bliuwend fuorthelle en kinne natoer en rekreaasje mei profitearje.

It tal oerwinterjende guozzen yn Fryslân is wrâldwiid besjoen unyk. Guozzen komme ûnder oare nei dizze provinsje omdat ús lânbougrûnen te folle bedonge wurde en ynsiedde binne mei ientoanich raaigers. Boeren kinne hjir sels wat oan dwaan, troch te kiezen foar mear krûderike greiden en minder dong. GrienLinks wol dit finansjeel stypje. GrienLinks wol it ôfsjitten fan guozzen sa folle mooglik ûnnedich meitsje en draacht dêrom aktyf by oan it sykjen nei oare effektive metoaden om de guozzepopulaasje te stjoeren.

Dêrneist makket GrienLinks him sterk foar de greidefûgelstân. Yn it foarste plak is dit in kwestje fan goed wetter(peil-)behear en it goed ynrjochtsjen fan greidefûgellânskippen. Boppedat wolle wy natuerfreonlik behear fan gerslân stimulearje.

GrienLinks wiist de gryutskalige, yntensive wize wêrop't bygelyks barga, fleiskeallen en plumfee hâlden wurde, mei klam ôf. It sa natuerlik mooglik hâlden fan bisten is foar ús de noarm: it giet der om dat kij sa folle mooglik yn de greiden rinne, dat barga yn de modder baaie kinne, hinnen skarrelje kinne en it ta stân bringen fan skaadplakken en wetterpartijen foar fee. Dêrneist drage romme en dierfreonlike stâlen, dêr't fee yn- en útrinne kin, by oan it wolwêzen fan dieren.

5.4 Biologyske wyttylt

As gefolch fan it lanlik belied is softdrugsbelied in gemeente-oerstiigjend probleem. Trochdat klanten fan 'coffeeshops' in paske hawwe moatte, ferpleatst in part fan de hannel yn softdrugs him nei de yllegaliteit. GrienLinks is hjir tsjin, omdat de kontrôle op de hannel yn softdrugs minder wurdt en dit benammen yn de (lytsere) plakken sûnder 'coffeeshop' liede kin ta oerlêst. Tegearre mei de lanlike fraksje yn De Haach sille wy op de gefolgen fan dit ûnsillige belied wizen bliuwe. Yn de takomst moat de kannabistylt oan de 'efterdoar' legalisearre wurde. Yn Fryslân kin – wat GrienLinks oanbelanget – mei in proef út ein setten wurde foar de tylt fan legale, kontrolearre en sertifisearre, biologyske cannabisplanten.

5.5. Kearnpunten

1. Foar projekten om lânskipseleminten (lykas beamwâlen en -singels, pingo's, wielen, dobben en âlde dykjes) 'werom te bringen' of wer yn oarder te meitsjen, wurde ekstra finansjele middels útlutsen. It lânskip ûnderfine ('erfare') wurdt fersterke trochdat kultuerhistoaryske paden as kuierrûte yn âlde gloarje werombrocht wurde.
2. It blaugriene hert fan de provinsje (it feangreidegebiet) moat iepen bliuwe. Troch it ferheegjen fan de wetterstân bliuwe de natoerwearden en kultuerhistoaryske wearden yn dit gebiet yn stân.
3. GrienLinks wol gjin 'megastâlen': net foar kij, mar ek net foar bygelyks barga, fleiskeallen en plumfee). As it oan GrienLinks leit, wurdt de bou fan sokke stâlen op syn minst ûntmoedige.
4. GrienLinks wol dat de boer yn syn bedriuwsfiering dúdlik rekkenet mei bistewolwêzen, sawol fan it fee as fan de 'wylde' natoer, lykas greidefûgels. Ien fan de útgongspunten hjirby is dat lânboudieren sa folle mooglik yn degreiden ferbliuwe. Boeren dy't op in dierfreonlike wize harren bedriuw liede, wurde trochde Provinsje stipe. 'Dielde romte' ('shared space') yn it agrarysk natoerbehear hat sterk de foarkar fan GrienLinks: gearwurking fan boeren, natoerbeskermers en wittenskippers.
5. De Fiskmigraasjerivier westlik fan Koarnwertersân moat der komme.

6. De provinsje heart it libbensferskaat ('biodiversiteit') yn kaart te bringen en te hâlden en aktyf soartebelied te fieren.
7. GrienLinks wol ûndersyk oft bioraffinaazje (bewurking fan natuerlike, werwinbere grûnstoffen as ferrfanging fan fossile grûnstoffen) duorsum is of net, stimulearje.
8. Om yn te spyljen op tanimmende rekreaasjedruk en klimaatferoaring, binne fikse natoergebieten nedich mei foldwaande libbensromte foar floara en fauna. GrienLinks wol dêrom de Ekologyske Haadstruktuer (no: Natuurnetwerk Nederland) flugger ynriochtsje. Lânskip en natoer wurde op koarte termyn fia de provinsjale feroardening beskerme, ek tsjin eksterne effekten.
9. Subsydzjes foar agrarysk natoerbehear wurde yn de takomst net takend op grûn fan it tal beskerme briedpearen, mar oan 'e hân fan it oerflak greidefûgelgaadlik gebiet. (Let meane, heech wetterpeil, krûderyke greiden). Lokale fûgelwurkgroepen wurde stipe by harren aktiviteiten.
10. GrienLinks stipet it projekt 'Kening fan 'e Greide' fan herten. Mear kennis oer natoerfreonlike bedriuwsfiering is hurd nedich.
11. Ljipaaisykjen is in tradysje dy't by Fryslân past, mar it meinimmen fan aaien sil op'n doer de ein fan de ljip befoarderje. GrienLinks seit dêrom: 'wol sykje, mar net meinimme'.
12. By wegen, fyts- en kuierpaden del en op diken bliuwt ferantwurde ekologysk bermbehear; de provinsje sjocht hjir sekuer op ta.
13. De provinsje evaluearret it eigen ekologysk bermbehear.

6. ROMTE EN WENJEN

6.1 Sunich op iepen romte

Oan ús omkriten ûntliene wy in part fan ús wolwêzen en ús identiteit. De ynrjochting en útwreiding fan doarpen en stêden yn Fryslân hat ynfloed op de mobiliteit én foaral op de wize wêrop't wy de romte wurdearje: it noflike wenklimaat en de oantreklikens fan Fryslân foarmje it resultaat. Boppedat wurde de gebouwen dy't wy no delsette, neilitten oan en bewenne troch ús (berns-)bern en folgjende generaasjes. Dat freget dus ferantwurde en takomstbestindich kiezen. GrienLinks wol sunich wêze op de karakteristike iepen romte en de karakteristike stêden en doarpen. Wy wolle net dat gemeenten in ûnnedich soad grûn oankeapje, wylst der yn binnenstêden en doarpen gebouwen leech komme. GrienLinks wol dêrom dat sa folle mooglik yn bestand wengebiet (doarpen en stêden) boud wurdt. Boppedat liede kompakte wengebieten ta minder autoferkear. Dit freget in nije bestimming foar leechsteande kantoaren en winkels en it op 'e nij ûntwikkeljen fan ferâldere bedriuweterreinen. Dêr wêr't yngrepen yn it lânskip ûnferhope dochs oan de oarder binne, is in heechwaardige ynfolling fan de iepen romte essensjeel.

6.2 Duorsum wenje en ynvestearje yn wiken en doarpen

De enerzjykosten meitsje in fiks part út fan de folsleine wenkosten. Starters en minsken mei in leech ynkommen krije te meitsjen mei hegere enerzjyprizen. GrienLinks wol dat nije wenten enerzjyneutraal binne en dat foars ynsetten wurdt op it enerzjysunich meitsjen fan de besteande wenfoarried: te begjinnen mei hierwenten en de goedkeapere partikuliere wenten.

It mingjen fan it wenningoanbod yn wenwiken soarget der foar dat saneamde efterstânwiken tsjingien wurde. No't de ryksjilden foar de wykoanpak yn grutte stêden fuortfalle, is it oan de provinsje om de werstrukturearring fan ferâldere wiken op te pakken. Op dy wize kinne ferâldere wenten ferfongen wurde troch nije enerzjysunige huzen. Dit soarget der ek foar dat minsken de kar krije om yn harren eigen wyk te bliuwen en troch te streamen: goed foar de dynamyk fan de wenningmerk. As gefolch fan 'fergrizing' sil de fraach tanimme nei wenten sûnder treppens of drompels en nei soarchbûne wenfoarsjennings. It is fan belang dat de besteande wenningfoarried dêr op oanpast wurdt, dus in part fan de nijbouwenten moat 'libbensrinbestendich' boud wurde. Sawol de wenningkoöperaasjes as de ûntwikkelaars sille ditoangeande harren ferantwurdlikheid nimme moatte. Ek moat der omtinken komme foar oare wenfoarmen, lykas groepswenjen.

6.3 Kearnpunten

1. Bûten besteande kearnen mei allinne by útsûndering boud wurde.
2. It fergriemen fan de romte wurdt tsjingien troch goede ôfspraken tusken gemeenten en de provinsje. Net alle kearnen hawwe in eigen bedriuweterrein nedich.
3. It op 'e nij brûken fan kultuerhistoarysk weardefolle gebouwen wurdt stipe mei renovaasjesubsydjes.
4. De provinsje lient op geunstige betingsten in part fan de NUON-jilden oan partikulieren om enerzjysunige wenten ta stân te bringen. GrienLinks hat hjir al foar pleite, der is ek in beslút oer nommen, dat mei faasje útfierd wurde moat.

5. GrienLinks wol dat de provinsje ynvestearret yn it opknappen fan (oandachts-)wiken om de leefberens te ferbetterjen, bygelyks troch wenten te renovearjen, grien te kreëarjen en de feiligens te fergrutsjen.

7. SOSJAAL FRYSLAN

7.1 Sûnens, solidariteit en wolwêzen

Wearden as solidariteit, redsumens-yn-oparbeidzjen en dielde ferantwurdlikens steane sintraal. Fryslân wurdearret, motivearret, stipet, fasilitearret en wurket oan ynklusyf belied, dêr't dy wearden yn foarop steane. Dêrby giet it ek om erkenning en wurdearring fan alle foarmen fan ynformele, frijwillige dielname fan minsken oan de Fryske maatskippij.

It is fan belang dat de sosjale en soarchynfrastruktuer yn Fryslân troch de provinsje Fryslân stipe wurdt, krekt en foaral no't in soad sosjale en soarchtaken oan de gemeenten oerdroegen wurde (bygelyks de jeugdsoarch). Wichtige maatskiplike (kliënte-)organisaasjes, dy't as organisaasjes net oerdroegen wurde oan gemeenten, rinne it gefaar gjin inkele subsydzje mear te krijen en harsels opdoeke te moatten. Hjir leit dúdlik in provinsjale taak. Ommers, it ynrjochtsjen fan ús maatskippij (yn de sfear fan romtlike oardering, ferkear, ferfier en ekonomy) kin net sûnder omtinken foar de minske yn syn of har sosjale omjouwing.

Yn ús provinsje hawwe wy te krijen mei 'fergrizing' en yn guon gebieten wat 'befolkingskrimp'. Ek dat is reden de soarch ernstich te nimmen, noch los fan de ekonomyske ympuls dy't der fan út giet. Koart sein: soarch en sûnenssoarch meitsje in fêst part út fan it sosjaal domein en binne yn dy sin ferbûn mei de oare provinsjale beliedsterreinen.

Ek fanwege de skaal en de finansjele situaasje dêr't de gemeenten troch de weryndieling en de desintralisaasje yn telâne komme, kin en mei de provinsje har ferantwurdlikheid net ûntrinne foar soarchorganisaasjes dy't operearje yn de saneamde twadde line. Kwetsbere groepen (minsken mei in krappe beurs, in beheining, âlderein, jongerein, en sa mear) hawwe op syn minst rjocht op ynformaasje en stipe om harren posysje yn de maatskippij te ferbetterjen. Koart sein: GrienLinks fynt dat de provinsje in selsstannige ferantwurdlikheid op it sosjaal terrein hat en behâlde moat. Wêr't dat nedich is helpt de provinsje Fryslân sosjaal belied en soarchbelied te ûntwikkeljen.

Wy bepleitsje boppedat in tydlik fûns Jeugdsoarch mei as doel de hjoeddeistige provinsjale bydrage fan fjouwer miljoen euro sa nedich yn te setten foar it ferhelpen fan eventuele knipepunten by gemeenten: eltse struktuerwiziging betsjut nammentlik in kulturomslach en nimt inkele jierren foardat goede soarch garandearre bliuwt. In struktuerwiziging, kombinearre mei in yn't foar berekkene besuniging is freegje om swierrichheden en dêrom ûnferantwurde. Plannen om de provinsjale subsydzjes oer in perioade fan twa jier fia sintrumgemeenten op 'e nij te ferdielen, kinne wy yn ridlikens net stypje, omdat sintrumgemeenten amper beliedsmjittich stjoere kinne. Koart sein, de taken fan de gruttere maatskiplike organisaasjes yn Fryslân binne gauris boppelokaal en de provinsje Fryslân kin har ferantwurdlikens yn dit stik fan saken dus net samar ôfskowe.

7.2 Konkrete projekten

Benammen COC Fryslân (komt op foar de belangen fan lesbyske froulju, homoseksuele manlju, biseksuelen en 'transgenders'), stichting Centrum Tûmba (diskriminaasjemeldpunt fan Fryslân, ûntwikkelet projekten mei de gedachte 'doch lokaal, tink mondiaal' en gelikense behandeling en respektfol hanneljen), Zorgbelang Fryslân (komt op foar de belangen fan soarchbrûkers, mei rom njoggentich oansletten pasjinte- en kliënteferienings), Hoor Friesland (komt op foar alle dōven en minsken mei in min gehoar yn Fryslân) en FSU (Fries

Samenwerkingsverband Uitkeringsgerechtigden) leverje in wichtige bydrage yn de sfear fan belangebehertiging. GrienLinks wol dat de provinsje hjir finansjele middels foar beskikber hâldt, ek omdat dizze organisaasjes harren rjochtsje op it fersterkjen fan de posysje fan de 'swakke' minsken. Dêrneist bepleitet GrienLinks it ynstellen fan in sosjaal fûns foar organisaasjes dy't kwetsbere groepen yn de maatskippij projektmjittich stypje; ûnder oare Humanitas, Solidair Friesland, PKN, âldereinbûnen (SFO), stichting Mentorschap Fryslân en oare organisaasjes kinne in berop op dit fûns dwaan.

GrienLinks fynt dat de minske yn de soarch sintraal heart te stean: hjir jildt dat ekonomy de minske tsjinnet en net oarsom. Der is fernijing yn de soarch nedich. De provinsje stipet nije foarmen fan soarch, lykas e-health, en previnsje om de kwaliteit fan libben te ferbetterjen, c.q. heech te hâlden. Dit ûndersyk kin ek keppele wurde oan de UCF.

Yn it bysûnder yn 'krimpregio's' moat ekstra omtinken wêze foar wen- en soarchfoarsjennings en foar kulturele foarsjennings. De provinsje stipet gearwurking op regionale skaal foar it op peil hâlden fan sokke foarsjennings, yn oerienstimming mei de fraach hjirnei.

Ljouwert is útroppen ta Europeeske Haadstêd 2018 en dizze titel jout in soad enerzjy, skept in grutte dynamyk en makket de ambysjes fan Ljouwert en Fryslân dúdlik. GrienLinks wol dat de provinsje as oanjager fan de Kulturele Haadstêd it wurd 'mienskip' yn dit ramt reële ynhâld jout: grien, sosjaal en soarch, rjochte op Fryslân as in saneamde ynklusieve provinsje, dat wol sizze in maatskippij dêr't eltsenien ta syn rjocht komt, los fan kulturele achtergrûn, geslacht(sfoarkar), leeftiid, talinten of beheinings. Dus: minsken oansprekke op harren mooglikheden mei romte foar 'oars wêze'.

Wy binne grut foarstanner fan in multikulturele maatskippij. De krêft fan frijheid en akseptaasje is fan grut belang. Fan in soad minsken stiet it libben faai, sy flechtsje, alles efterlittend. Wy wolle dat Nederlân en benammen de provinsje Fryslân him nei fermogen ynstelt foar it opheinen fan flechtlingen. Wy hjitte harren wolkom en binne gastfrij.

Tragysk is ek it lot fan útprosedearre asylsikers dy't net werom kinne nei harren eigen lân. Somtiden wurde se samar op strjitte setten, saneamd klinkere. Wy fine dat der op syn minst bêd en brea foar dizze minsken wêze moatte. Needopgang dus. Sa nedich is GrienLinks ree der mei provinsjaal jild oan mei te beteljen.

7.3 Kearnpunten

1. Erkenning en wurdearing fan alle foarmen fan ynformele, frijwillige dielname fan minsken oan de Fryske maatskippij.
2. It ynstellen fan in tydlik fûns Jeugdsoarch mei ynset fan de hjoeddeistige provinsjale bydrage fan fjouwer miljoen euro.
3. Stipe fan de sosjale en soarchynfrastruktuer yn Fryslân, konkreet stipe fan maatskiplike organisaasjes dy't dêr in prominente rol yn spylje.
4. Wearden as solidariteit, redsumens-yn-oparbeidzjen en dielde ferantwurdlikens steane sintraal en Fryslân wurdearret, motivearret, stipet en fasilitearret en wurket oan ynklusyf belied, dêr't dy wearden yn foarop steane.
5. Fryslân wurdt proefún fan fernijing yn de soarch, mei as haaddoel: de minske – kliïnt,

pasjint – oan de leie fan it ‘soarchhynder’.

6. Wy sette ús yn foar it opheinen fan asylsikers en needopfang fan útprosedearre asylsikers.

8. FERKEAR EN FERFIER

8.1 Fytser kriget foarrang

Us frij ferpleatse kinne fan it iene nei it oare stee is wichtich foar de ûntwikkeling: rûtes foar riners, de fyts en it iepenbier ferfier binne dêrby foar ús allegearre beskikber. De auto dêr foaroer is foarbehâlden oan de groep dy't dizze betelje kin. Lykwols wurdt dêr wat it wegennet oanbelanget it meast yn ynvestearre. GrienLinks wol dit omdraaie: de fytser kriget mei klam foarrang boppe it motorisearre ferkear wat berikberens en feiligens oanbelanget. Gelokkich nimt it tal fytskilometers ta en dat draacht by oan de sûnens, is goed foar de trochstreaming fan it ferkear en de leefberens yn de doarpen en wiken. Wêr't foarrang foar fytsers net kin (bygelyks by spoarwei-oergongen, provinsjale wegen en autowegen), sette wy yn op ûngelykflierse krusingen yn de foarm fan fytstunnels. Fytsrûtes nei wichtige bestimmingen, winkelgebieten, skoallen en grutte bedriuwen en organisaasjes mei in soad meiwurkers, krije ek prioriteit.

Net allinne yn, mar ek bûten de beboude kom wolle wy it fytsnetwurk útwreidzje, by foarkar yn de foarm fan 'fluch-fytspaden': dêrop hawwe fytsers foarrang op al it krusend ferkear. Dat befoarderet de oantreklikens fan it fytsen foar forinzen.

Foar bern, âlderein en minder faliden moatte bushaltes, iepenbier ferfier-opstapplakken, skoallen en stasjons ienfâldich en feilich berikber wêze.

Op ûnfeilige rûtes mei in soad fyts- en in soad lânbouferkear moatte skieden fytspaden oanlein wurde, skieden fan it oare ferkear. Fierder wolle wy populêre rekreaasjebestimmingen en lânskippen better ûntslute foar fytsers.

8.2 Tagonklik, betelber iepenbier ferfier en goede spoarferbinings

Somtiden is it iepenbier ferfier de iennichste mooglikheid om jin (sûnder auto) op langere ôfstannen te ferpleatsen, dêrom heart iepenbier ferfier foar eltsenien tagonklik te wêzen, sawol fysyk (rolstuollers), kwa sprieding (de lytse doarpen) as finansjeel (lege tariven). Dat betsjut dat by oerheidsoanbestegings fan it iepenbier ferfier tagonklikens, sprieding en betelberens, neist miljeu-aspekten, wichtige kwaliteitseasken foarmje. Neist de OV-chipkaart heart der in leechdrompelich ferfierbewiis beskikber te wêzen dat yn de bus en op it treinperron kocht wurde kin.

Wy bepleitsje nije iepenbier ferfierferbinings en doelmjittich gebrûk fan it besteande spoarwegennet. In 'lightrail'-ferbining tusken Ljouwert, Burgum, Drachten, Hearrenfean, De Jouwer en Snits ('rûntsje Fryslân') kin ûnder sekuere betingsten konkurrearje mei it autoferkear tusken dizze plakken. En in nije spoarferbining nei de Rânestêd fia de Ofslútdyk is foar de lange termyn in winsklike ûntwikkeling.

De provinsje Fryslân helpt gemeenten mei it ta stân bringen fan foldwaande, feilige, oerdekte fytsestallingen by bus- en treinstasjons.

8.3 Feilich wegennet

Nije wegen sjogge wy net as dé oplossing foar berikberensproblemen: de útjeften hjirfoar binne te heech yn ferhâlding ta de útjeften foar fytsferkear en it iepenbier ferfier. Wy wolle besteande wegen feiliger meitsje en de trochstreaming fan it ferkear ferbetterje. Yn buertskippen en it bûtengebiet dêr't in soad lânbouferkear rydt, kieze wy foar it oanlizzen fan passearstroken en it ferleegjen fan de maksimum snelheid fan 80 nei 60 kilometer yn 'e oere. Duorsum feilich yn de beboude kommen betsjut: ynvestearje yn it omfoarmjen fan 50 nei 30 kilometer yn 'e oere, oanpassings om skoallen hinne en feilige fytsrûtes.

8.4 Kearnpunten

1. Foarrang oan feilich en komfortabel fytsen: dit ferget mear en bettere, brede en frijlizzende fytspaden en 'fluch-fytspaden': dêrop hawwe fytsers foarrang op al it krusend ferkear. Dit befoarderet de oantreklikens fan it fytsen foar forinzen.
2. Feilige fytsrûtes nei winkelgebieten, skoallen en grutte bedriuwen en organisaasjes wurde mei foarrang oanlein, dan wol optimalisearre.
3. De provinsje Fryslân helpt gemeenten mei it ta stân bringen fan foldwaande, feilige, oerdekte fytsSTALLINGEN by bus- en treinstasjons.
4. Foar âlderein, skoalbern en minsken sûnder auto heart der in goed dekkend, betelber iepenbierferfiernet beskikber te wêzen.
5. Bussen en frachtweinen ride op 'grien gas', makke fan ôffal of rioelslyk.
6. In spoarferbining oer de Ofslútdyk biedt nije kânsen foar better iepenbier ferfier, lykas in 'lightrail'-ferbining tusken de gruttere kearnen (rûntsje Fryslân).
7. Oanpassings oan it besteande wegennet binne allinne oan 'e oarder op grûn fan feiligens en leefberens.
8. Wy sette ús yn foar de belangen fan fuortgongers.

9. Wetter

9.1 Skjin wetter

GrienLinks is der fan oertsjûge dat wetter by it belied oangeande natoer, miljeu, lânskip en lânbou yn Fryslân liedend wêze moat. Dêrby giet it benammen om it ferheegjen fan de wetterkwaliteit en it sa goed mooglik behear fan it wetterpeil yn de Fryske boezem. De kwaliteit en it peil fan it wetter wurde wat GrienLinks oanbelanget net langer troch de belangen fan lân- en túnbou stjoerd; effekten op de natoer, rekreaasje en feiligens fan de ynwenners fan Fryslân binne op syn minst like wichtich.

Skjin wetter is fan belang foar Fryslân as wettersportprovinsje en foar it ferskaat oan wetterplanten, fisken en oare organismen. Troebel wetter ûntstiet trochdat der in soad dongstoffen, lykas stikstof en fosfaat, yn sitte. Om it wetter yn Fryslân skjin en helder te krijen en te hâlden, sille de dongkonsintraasjes fiks omleech moatte. Allinne in brede oanpak, wêrby't mei de agraryske sektor, Wetterskip Fryslân en de rekreaasjefeart goed gearwurke wurdt, soarget der foar dat it wetter oeral yn Fryslân fan goede swimkwaliteit is en bliuwt. Dit kinne wy ûnder oare berikke mei spuit- en dongfrije sônes by it wetter del, natuerlike en lykwichtiger begroeiing fan de wâlen en it fiks werom bringen fan smoarchwetterloazings troch de rekreaasjefeart.

It Wetsus-ynstitút is fan belang foar ûndersyk nei en ûntwikkeling fan wettertechnology. De provinsje heart dit ynstitút stypjen bliuwe te moatten oant it op eigen skonken stean kin (sjoch ek paragraaf 2.4 oer û.o. it heger ûnderwiis).

9.2 Wetterpeil en wetterfeiligens

It ferleegjen fan it wetterpeil biedt foar de lân- en túnbou de mooglikheid om mei swierder materiaal it lân te bewurkjen. Dizze peilferleging kin lykwols net allegeduerigen trochgean: ferdrûging en it fersakjen fan de grûn soargje foar grutte skea. GrienLinks is fan betinken dat ferheging fan de grûnwetterstân yn in soad gefallen goed lykop gean kin mei de belangen fan de boeren. Ek yn it feangreidegebiet (it Lege Midden fan Fryslân) sille de wetterpeilen omheech brocht wurde moatte om fierder fersakjen fan de boaiem troch feaneroazjetsjin te gean. Om natoergebieten hinne moat sa folle mooglik fleksibel peil ynstelde wurde, want natuerlik peilbehear befoarderet de ûntwikkeling fan de wâlfegetaasje en dit hat sawol in posityf effekt op de wetterkwaliteit as op de fiskstân.

Neist (op termyn) hegere en bredere diken as beskerming tsjin it bûtendyks wetter, moatte yn Fryslân sa gau mooglik foldwaande foarse wetterbergingsgebieten oanwiisd en ta stân brocht wurde. It útwreidzjen fan wetterbergingen yn dielsystemen kin de wetterkwaliteit yn polders oanmerklik ferbetterje en jout boppedat kânsen foar de realisaasje fan nije natoer. Leechlizzende agraryske gebieten kinne as oerloop tsjinst dwaan. Dêrby moat tsjingien wurde dat der dongstoffen yn it oerflakwetter telâne komme. Boeren kinne foar dizze 'blauwe tsjinsten' finansjeel yn 'e mijtte kommen wurde.

9.3 Rein- en drinkwetter

De provinsje sil Wetterskip Fryslân en de gemeenten stimulearje moatte, mei subsydzjes, de 'ferstienning' tsjin te gean (hieltyd mear minsken beflierje harren túntsjes mei stiennen en/of tegels, fergriening fan stêdlik gebiet te befoarderjen en reinwettertûnen beskikber te stellen. GrienLinks bepleitet subsydzje – troch Wetterskip Fryslân – foar it ôfkeppeljen: minder reinwetter yn it rioel.

De konsuminten fan drinkwetter – boargers en bedriuwen – wurde stimulearre suniger mei drinkwetter om te gean, troch in mienskiplike kampanje fan alle belutsen oerheden en it wetterliedingbedriuw Vitens. De provinsje Fryslân heart it goede foarbyld te jaan, troch ‘griis’ wetter ta te passen yn de tsientallen húskes yn it Provinsjehûs.

9.4 ‘Water Natuurlijk Fryslân’ yn it Wetterskip Fryslân

Op 18 maart 2015 binne der tagelyk mei de provinsjale steateferkiezings ek wetterskipsferkiezings. GrienLinks stipet ‘Water Natuurlijk Fryslân’ as partij dy’t meidocht oan de wetterskipsferkiezings. Dizze partij sit no mei trije sitten yn it algemien bestjoer en mei ien sit yn it deistich bestjoer fan Wetterskip Fryslân. Wy stypje ‘Water Natuurlijk Fryslân’ ek yn de kommende ferkiezings en dogge dus net mei in eigen list mei foar it bestjoer fan it wetterskip. Dy stipe is rjochtfeardige trochdat de ferkiezingspunten fan ‘Water Natuurlijk’ likernôch oerienkomme mei de ideeën en stânpunten fan GrienLinks. Sa is en bliuwt der ien krêftige beweging foar skjin, feilich, sûn en betelber wetter en kin fersnipeling (‘versnippering’) fan ‘griene en duorsume’ stimmen tsjingien wurde. Wol sil GrienLinks de kommende perioade ‘Water Natuurlijk Fryslân’ kritysk folgje, mear as oant no ta bard is. Wetterskipsbestjoerders dy’t mei troch de stipe fan GrienLinks keazen binne, hearre regelmjittich werom te keppeljen nei GrienLinks Fryslân, sadat ús leden in gruttere belutsenheid krije kinne mei alles wat mei wetter yn Fryslân fan dwaan hat.

9.5 Kearnpunten

1. Spuit- en dongfrije sônes by wâlen del.
2. It oanlizzen fan natuerlike en lykwichtige begroeiïng fan wâlen troch oanpassing fan de wâlen en/of it op ‘e nij oanplantsjen fan natuerlike beskoeiïng.
3. Smoarchwetterloazings troch rekreaasjeferkear oanpakke mei help fan foarljochting, subsidyzje en hanthavening.
4. Natuerlik en fleksibel peilbehear yn natoer- en rekreaasjegebieten.
5. Yn feangreidegebieten wurdt it wetterpeil heech hâlden om fierdere eroazje fan it lân tsjin te gean.
6. Utwreiding fan de wetterbergingen yn dielsystemen wêrby’t agrariërs kompansearre wurde foar it eventueel tebek rinnen fan ynkkomsten.
7. De stipe oan ‘Water Natuurlijk Fryslân’ as partij yn Wetterskip Fryslân wurdt trochsetten, mei de kanttekening dat Water Natuurlijk Fryslân yn de kommende perioade kritysk folge wurde sil, mei as doel in gruttere belutsenheid by alles wat mei wetter yn Fryslân fan dwaan hat.

10. FINANSJES

10.1 NUON-jilden

It is fan belang te soargjen foar in sûne en finânsjeel lykwichtige provinsjale begrutting en tagelyk is it nedich romte te skeppen foar nije plannen. Fêst stiet dat der teminsten 152,1 miljoen euro beskikber is fan de NUON-reserve. GrienLinks wol dêrneist kritysk besjen bliuwe wêr't finânsjele romte is of komt en de ynset fan net-strukturele finânsjele middels op'e nij hifkje. Lykas ek opmurken yn haadstik 1 (Ekonomy, en sa) pleitet GrienLinks foar it oanskerpjen fan it provinsjale finansieringsstelsel 'Wurkje foar Fryslân', fia de útfieringsprogramma's dêrfan, yn 'e rjochting fan ferduorsumjen en fergriening. Oars sein: mei in mear krityske blik sjen nei wêre't de provinsje wol of gjin jild oan útgjout.

Griene en sosjale polityk kinne allinne foarm krije as wy echt ree binne te sleuteljen oan ús ekonomysk systeem. Feroarings binne dêrom in betingst foar it suksesfol oanpakken hjirfan en fan earlik dielen, gelikense kânsen en solidariteit tusken earm en ryk en jong en âld. Minsken wurde harren mear en mear bewust fan de betreklike betsjutting fan de groei fan wolfeart yn relaasje ta mear wolwêzen fan minsken, mar dit tinken mei wat GrienLinks oanbelanget noch mear fersterke wurde.

De ryksoerheid set it mes yn it Provinsjefûns en gemeenten krije minder te besteegjen; dêrtroch sille oerheidsynvestearrings yn Fryslân minder fanselssprekkend wurde. Dat betsjut net dat wy ôfstappe fan it griener en duorsumer meitsjen fan de Fryske maatskippij, har ekonomy, lânbou en ynfrastruktuer. Krekt oarsom, wy sette yn op inisjativen rjochte op griene wurkgelegenheid en kieze mei klam foar soberens wat asfalt en beton oangiet. Wy wolle dat it autentike en rûnom ferneamde Fryske lânskip net fierder oantaasten wurdt. Boargerinisjativen dy't rjochte binne op grien, duorsumens en ferskaat fan libbene natoer stypje wy as ús natuerlike bûnsmaten en meistanners. Wy beskôgje it as it beteljen fan ús 'eareskuld' om Fryslân goed oan takomstige generaasjes oer te dragen.

10.2 Kearnpunten

1. Fan belang is in sûne en finansjeel lykwichtige begrutting, mei tagelyk romte foar nije plannen.
2. Boargerinisjativen rjochte op duorsumens, ynklusyf it ynstellen fan in mienskipfûns foar inisjativen út de mienskip wei, binne fan belang.
3. Mei in mear krityske blik sjen nei wêr't de provinsje wol of gjin jild oan útgjout, seker wat de útfiering fan 'Wurkje foar Fryslân' oanbelanget. Prioriteit hat it ferduorsumjen en de fergriening fan de Fryske ekonomy. Dit ferkiezingsprogram jout dêrta in tal konkrete oanknopingspunten.

Ta beslút

GrienLinks Fryslân ferbynt idealisme en ambysje oan de reewilligens lytse stappen te setten. Polityk bedriuwe dogge jo net allinne troch jins stânpunten te ferkundigjen, mar mei de fuotten yn 'e modder: dat bewize ús steateleden dy't yn de ôfrûne jierren besochten om Fryslân griener en sosjaler te meitsjen. En dat bewize ek al dy GrienLinkers dy't op tal fan oare wizen aktyf binne.

De moed om frij te tinken, te sykjen en te twiveljen, om oplossings te sykjen út in iepen hâlding wei foar wat der yn Fryslân bart, dy frijmoedige en optimistyske hâlding sjogge wy ek by in tanimmend tal minsken dat sels it inisjatyf nimt. Sy wachtsje net op wat de oerheid wol of net docht en sy ferwachtsje net alles fan de (provinsjale) polityk. Sy kieze sels hoe't se harren libben (yn-)rjochtsje en wat se dêrby nedich hawwe.

GrienLinks set him yn foar in maatskippij yn Fryslân dêr't eltsenien yn meidwaan kin, him of har ûntjaan kin en sa nedich stipe, soarch en solidariteit ûnderfynt, ek fan de provinsje Fryslân. Dit foarmet de reade tried fan it GrienLinks-ferkiezingsprogram 2015-2019.

Tank oan eltsenien dy't meiskreaun hat oan dit ferkiezingsprogram, te witten:

Willem Verf, Matthijs Sikkes, Els Kornelis, Jelmer van der Zee, Sanne van Wees, Brigitta Meinema, Peter Lesterhuis, Evert Stellingwerf, Jan Atze Nicolai, Gerrit van der Meer, Sjaak Kloppenburg en alle oaren dy't suggestjes en ideeën ynbrocht hawwe.
